

O. Piersma

'It Frysk sil bliuwe, net om't wy Friezen binne, mar salang't der Friezen binne dy't Frysk prate.'

'Fryslân en de wrâld'

Dat wie it biedwurd dat Douwe Kalma oan de jonge, Jong Fryske Mienskip meijoech. Hja woenen Fryslân opstjitte yn de 'vaart der volken'. Fryslân soe nei de wrâld ta moatte. Douwe Kalma c.s. tochten fansels yn 't foarste plak oan de literatuer. De Fryske literatuer moast út syn mjitske, folksaardige skriuwerij losmakke en op it hegere ynternasjonale peil brocht wurde. Dat hegere peil is neffens saakkundigen fan namme, yn 'e rin fan de jierren oer 't generaal ek wol helle. Frysktalige boeken krije wurdearring, wurde oerset en mei sukses ferfilme. Al heart men amper fan in ynternasjonale trochbraak fan in Fryske skriuwer, mar dat komt mei fansels om't it Fryske taalgebiet mar lyts is. In Fryskskriuwer sil dus net sagau in Nobel-priis winne. It nivo fan de Fryske skriuwerij is lykwols op in heech peil belanne, Douwe Kalma ta eare. Fryslân gong nei de wrâld. Mar de wrâld kôm ek nei Fryslân ta en net allinnich mei literatuer, mar ek mei al dy oare 'produkten' dêr't de wrâld fol mei sit. Benammen nei de lêste wrâldkriich kamen dy produkten manmachtich Fryslân yn: de yndustry, de media lykas de (lanlike) kranten, de (lanlike) radio en letter de (lanlike) tillevyzje en net te ferjitten it ferfolch-ûnderwiis. De effekten fan dy ynkomsten fan 'e wrâld wie wol in fersterking fan Fryslân, ekonomysk, sosjaal en kultureel, mar tagelyk hat de Fryske identiteit en it brûken fan 't Frysk der slim ûnder te lijen hân. Benammen it trochkringen fan de radio en tillevyzje yn de foarhinne isolearre Frysktalige fermiddens hat it Frysk ûnderstek dien. Elkenien krige langer tagong ta alle soarten fan ynformaasje en ferdivedaasje en dat almeast yn in oare taal as jins eigen. De idee moast sa wol yngong fine dat dy Hollânske taal ta in hegere oarder behearde as it Frysk. Fangefolgen in grutte ûntfrysking fan it folk. Sok ferlies oan Fryskens hat der troch de jierren en de iuwen hinne fansels altyd al west, mar benammen nei de lêste oarloch is dat helte hurder gong, sa't we alle dagen merkbite kinne.

De irony fan it gefal is ek noch, dat krekt de folksaardige programma's op 'e radio it meast beharke woarden en letter de like folksaardige shows en 'soaps' op de tillevyzje it bêst besjoen. Dat sil Douwe Kalma grif net yn 'e rekken hân hawwe, doe't er de wrâld oan Fryslân ta foarbyld stelde.

De yndustry kaam nei Fryslân en tagelyk naam de betsjutting fan de boerestân as ekonomyske moter fan Fryslân ôf. Dizze ekonomyske omkearing fan Fryslân wie de twadde oarsaak fan de ûntfrysking, want de

yndustry en de tsjinstferliening dy't dêr mei mank giet, wie en is foar it grutste part Hollânsktalich. Sa binne Drachten en 't Hearrenfean fan Frysktalige doarpkes feroare yn Hollânsktalige stedsjes.

Yn 'e persoanlike sfear hat it kommen fan de wrâld nei Fryslân ek grutte gefolgen hân. It is net mear fanselssprekkend dat Friezen langer Frysk prate of harren bern yn 't Frysk opbringe, lykas ieuwenlang it gefolch west hat.

Tal fan motiven kinne in rol spylje by de fraach hokker taal yn in beskate situaasje brûkt wurde sil. Om ris wat te neamen, it brûken fan it Hollânsk jout in gefoel fan ienriedigens oer de sosjale en provinsje grinzen hinne: 'Wij zijn een volk'. It Hollânsk wurdt sadwaande faak troch Frysktaligen brûkt om beskate, reële of fiktive, kulturele grinzen te ûntwiken. Wolvegea foarby fersteane se ús ommers net mear. Sa hat Piter Breuker syn boek oer de skiednis fan it keatsen yn 't Hollânsk skreaun. Sa sil yn 't Midfrysk wurdboek it Hollânsk as ferklearjende taal brûkt wurde. De enkêtes fan Durk Gorter oer it posysje fan it Frysk binne yn 't Hollânsk opsteld en skriuwt Kerst Huisman syn nijste boek oer de skiednis fan Fryslân yn 't Hollânsk. Om in pear foarbylden te jaan.

Men moat net altyd harkje nei wat minsken sizze, mar mear sjen nei wat se dogge.

Foar guon Fryske skriuwers is it skriuwen yn 't Frysk faak ek in opstapke om letter op 't Hollânsk oer te gean, op hope fan grutter sukses. It is oars opfallend dat men fan de Fryske skriuwers hast nea wat heard oer de teloargong fan it Frysk. Wylst skriuwers dochs de krityske beskôgers fan harren tiid hite te wêzen. Mar ik haw de lêste tiid net in stik ûnder eagen hân dêr't út bliken docht dat in skriuwer noed stiet foar syn of har taal oars as ynstrumint foar de eigen skriuwerij. Yn dy hoeke hearsket it Grutte Swijen, dat de earen jin der suver fan toetsje. Krektoarsom, sûnt de brek mei de Fryske beweging wolle de measte skriuwers net mear stride foar 't Frysk. Ferwizend nei it Tsjerne-artikel fan Fedde Schurer (1946) miene party skriuwers dat harren skriuwerij eins neat mei it Frysk út te stean hat. Dat se yn 't Frysk skriuwe is mear in kwestje fan ark as fan kar, liket it wol. Fryske bewegers roppe, neffens guon skriuwers faak ferkearde wy-gefoelens op, sadat oarstaligen útsluten wurde. (Piter Broersma op de Warns-betinking fan 1998).

Fansels leverje Fryske skriuwers noch hieltyd moaie boeken ôf en soks is ek tige wichtich foar it foartbestean fan it Frysk, Douwe Kalma sillige neitins. Mar oars, as der neat feroaret is fan de kant fan de Fryske skriuwers gjin rêding fan 't Frysk te ferwachtsjen.

Ik wol yn dit essay besykje in beskate en beheinde analise te jaan fan de gefolgen fan it 'ynheljen fan de wrâld' yn Fryslân. En dan benammen, hoe't dat oer 't generaal foar it Frysk sa negatyf útpakt hat. Dêrneist soe 'k in

wurdmennich kwyt wolle oer wat neffens my meihelpe kinne soe om de delgong fan it Frysk op te kearen. Ik wol dit dwaan as in ynteressearre leek, as in relative bûtensteander dy't net belutsen is by de ien of d' oare aksje- of belangengroep, mar wol as ien dy't dreaun wurdt fan de leafde foar ús taal en begien is mei it ferlies fan it Frysk.

Analise fan in delgong

De organisaasjes

Nettsjinsteande it krewearjen fan de Jong Fryske Mienskip en yn har soal al dy oare ynstellings dy't it Frysk befoarderje woene en wolle, rint it brûken fan it Frysk tebek. Waling Dykstra sei yn syn tiid al, sa'n hûndert jier ferlyn dat it Frysk de goarre hie. Hy doelde dan op it taalgebrûk dat neffens him hieltyd minder geef woar. En hy foarsei dat it Frysk om 1944 hinne wol útstoarn wêze soe. Troch de sleauwens fan de Friezen sels dy't te min flyt diene op harren taal en te min war om it Frysk te behâlden. Ik wit net wat de reden wie fan syn pessimisme en wêrom't it Frysk neffens him no krekt yn 1944 útstjerre soe. Yn alle gefallen hat Waling-om him wat it jier oanbelanget wol fersind. Mar ik soe de stelling ferdigenje wolle dat, as der neat feroaret, it Frysk om 2044 hinne al fierhinne útstoarn wêze sil, of troch de kreolisearring ferwurden ta in plot-Hollânsk dialekt, in soarte fan Fryhol of Holfry. Waling-om hat him neffens my mar hûndert jier fersind. En dat nettsjinsteande it krewearjen fan al dy hjoeddeiske ynstellings dy't it Frysk stypje en befoarderje wolle

Litte we in pear fan dy organisaasjes ris wat djipper yn 'e bek sjen, wat harren hâlden en dragen yn 't deistich libben oanbelanget. De Fryske Beweging en de Fryske Academy bygelyks. As men de trochsneed Fries freegje soe, oft se dy ynstellings kenne, soe nei myn taksaasje 90% dêr nee op antwurdzje, lit stean dat se witte wat dy ynstellings eins dogge. Dochs sille dy organisaasjes harren paadsje op harren plak en yn harren fak wol skjinfie, mar bûten it eachweid fan it 'miene' folk. Se funksjonearje yn de hegere esjelons fan de maatskippij en prate mei it regear, mei de provinsje- en gemeentebestjoerders, ensfh. oer de posysje fan 't Frysk. Mar it folk sil der amper weet fan hawwe. En de bestjoerders fan har kant witte dat ek tige skoan fansels. As werris in besunigingsrûnde omgiet yn 't provinsjehûs of yn de gemeentehûzen en it Frysk yn jild en middels bekronken wurdt, bygelyks om jild frij te meitsjen foar in popakademy of in kennis-kampus, ik neam mar wat, dan sille de Fryske organen dêr grif wol tsjin yn 't ferhef komme. Mar de regearders witte dat, as it derop oankomt se gjin fûst meitsje kinne. It binne generaals sûnder leger. It soe dan ommers swart stean moatte fan de minsken

op de Twibaksmerk yn Ljouwert om te proteste arjen en te demonstrearjen. Mar der is net in kop. It folk liket der gjin belang by te hawwen, is yn alle gefallen net mobilisearre. De Fryske organisaasjes binne, om Trinus Riemersma oan te heljen, in God sûnder kul. Se steane net yn 'e maatskippij. Grif sille se ienris ûntstien wêze út in soarte fan 'folksbeweging'. Mar no, foar in grut part ûnderbrocht yn ynstituten, binne it elitêre klups wurden sûnder djipwoartele binings yn 'e Fryske mienskip. Dat soe noch net iens sa slim wêze, as wy mei harren wizen fan funksjonearjen it Frysk behâlde koene. Mar, sa docht bliken dat is no krekt net it gefal. Neist de skriuwers-bent is ek fan de hjoeddeiske Fryske organisaasjes op 'en doer gjin rêding fan 't Frysk te ferwachtsjen.

In stikje skiednis fan delgong en emansipaasje

Neffens guon taalhistoary soe it Frysk likernôch oan 'e ein fan it earste millennium ûntstien wêze as ôfspjalting út oare Germaanske talen. It Frysk waard op in bepaald stuit sels praat fan 't Swin yn Flaanderen oan fier yn Dútslân, ja sels oan Denemarken ta. Dat Magna Frisia is allang weiwurden, allinnich in pear lytse, isolearre, Fryskpratende eilantsjes binne derfan oerbleaun. Wy sitte hjirre, yn 't Westerlauwersk Fryslân yn 't grutste part mei in eigen Fryske identiteit. Dat stik Fryslân hie, tanksij de isolearre lizzing, foar in skoft alteast in beskate, politike selsstannigens. Yn 1498 wie 't lykwols dien mei dy Fryske Frijdom. It Saksysk bewâld dat doe op 'e kessens kaam, betsjutte net allinnich in net-Frysk bestjoer, mar de taal dy't de Saksers doe as bestjoerstaal ynhellen wie 't Hollânsk. En dat brocht de earste delgong fan it Frysk, mei't it Frysk út it bestjoer krongen waard. Der ûnstiene net-Fryske bestjoerssintra yn de foarm fan net-Frysktalige stêden. It Frysk rekke yn de nederklits. *'Naar keuken en koestal vluchte uw taal'*.

Yn 'e rin fan de skiednis kamen lykwols bewegings op, ynspirearre fan útlânske foarbylden, dy't in beskate emansipaasje fan it folk ta gefolch hienen en sadwaande ek wer kânsen joegen foar it Frysk. As earste emansipaasjebeweging kin de yn de sechstjinde ieu opkommende Reformaasje neamd wurde. De Roomske tsjerke hie altyd it Latyn as fiertaal hân. Nei't de Reformaasje him om 1580 hinne yn ús kontreien trochset hie, stie de nije tsjerke foar de kar, yn hokfoar taal sil tenei it leauwen ferkundige wurde. Ik wit net oft dy fraach him echt foardien hat. Yn alle gefallen hawwe de Friezen de grutte kâns dy't de Herfoarming joech om it Frysk te kiezen as taal foar de nije tsjerke yn Fryslân slûpe litten. It waard it Hollânsk. My is net bekend hoe en werom't de Friezen dy kâns net oanpakt hawwe. Sleauwens? In doe al stadichoan yn kankerjend minderwaardigens-gefoel?

De relative frijdom dy't de tachtichjierrige oarloch meibrocht, lit ik hjir bûten acht. Dy politike frijdom gong foar in grut part bûten it folk om.

Net allinnich is sadwaande foar it Frysk in kâns ferlern gong, mar it folk krige wer en no troch de tsjerke de idee dat it Hollânsk in hegere status hie. De 'Kening' prate Hollânsk, mar ek God koe allinnich yn 't Hollânsk mei praat wurde. In opfetting dy't noch lang, oant yn 'e 19e ieu, ja sels noch yn 'e 20e ieu by grutte skiften fan 't tsjerkefolk hingjen bleaun is. En dat wylst yn oare lannen, yn Poalen en Wales bygelyks de tsjerke wol foar de lânstaal keas en sa hydroegen hat de eigen taal te behâlden, nettsjinsteande frjemdtalige oerhearsking.

Dochs wie troch de Reformaasje wol it ien en 't oare op gong brocht yn 't folk. Soe bygelyks in let-Rennêssânse dichter as Gysbert Japiks ea yn 't Frysk skreaun hawwe as der in lyts hûndert jier earder net in Herfoarming west hie? De twadde emansipaasjebeweging die him foar nei oanlieding fan de Frânske revolúsje. It folk, alteast de begoedige boargerstân griep doe de kâns om de adel út har 'fan God jûne' posysjes te kringen en sels it bestjoer fan 't lân yn hannen te nimmen. Sa ek yn Fryslân. Mar ek dy emansipaasjebeweging hat der net foar soargje kinnen dat it Frysk him trochsette koe as taal yn 't iepenbier ferkear en as bestjoerstaal. Smoard as it waard yn 'e nijfoarme, sintralistyske, Nederlânske ienheidssteat dêr't allinnich plak wie foar it Nederlânsk as algemiene taal. Ien folk, ien Ryk, ien taal, hie 't biedwurd fan dy nije, Nederlânske steat wêze kinnen. In biedwurd dat mar al te dúdlik útdroegen waard, oan hjoeddedei ta. Mar nettsjinsteande dat naam nei de Frânske tiid de belangstelling foar it Frysk wol ta, benammen ek ûnder ynfloed fan de Romantyk. (De bruorren Halbertsma). Dat joech de oanstjit ta de moderne Fryske literatuer, mar it Frysk bleau bûten it bestjoer, tsjerke en skoalle.

As tredde beweging dy't in emansipaasje fan 't Frysk ynliede kinnen hie, soe 'k de sosjalistyske revolúsjes fan nei de earste wrâldkriich neame wolle. Under de yndruk fan dy útlânske revoltes hat P.J.Troelstra besocht yn Nederlân ek sa'n revolúsje fan de grûn te krijen. Dat is him net wurden. Mar al wie de revolúsje slagge, dan noch mei betwivele wurde, oft Troelstra ea ree west hie, om 't Frysk yn Fryslân syn eigen plak werom te jaan. Besette er as Piter Jelles in ferneamd plak yn de Fryske literatuer, as de sosjalist Troelstra hied er ommers allang ôfskie naam fan Fryslân. Boppedat steane sosjalisten ek net daliks bekend as foarstanners fan in desintraal bestjoer en soks is dochs perfoast nedich om yn in lytse bestjoersienhyd as Fryslân de eigen taal wer as bestjoerstaal ynfierd te krijen.

De situaasje hjoeddedei

Wy sitte hjoeddedei noch oltid opskipe mei de Hollânske ienhydssteat. Sa't we sjoen hawwe is it sintralisme fan dy steat foar 't Frysk in beheining om wer te kommen ta in folsleine bestjoerstaal. Mar dy steat hjit ek demokratysk te wêzen. En al hie en hat dy demokrasy syn lekken en brekken, it joech en jout dochs kânsen foar it Frysk, benammen nei de lêste wrâldoarloch. De Fryske literatuer krige foargoed de skonken ûnder 't gat, it Frysk krige beskate rjochten yn 't iepenbier ferkear en yn 'e (legere) skoallen, nettsjinsteande alle tsjinaksel.

En komt der ek net wat beweging yn it sintralisme fan de ienhyds-steat? Soe sels praat wurde kinne fan in fjirde emansipaasje-beweging? In pear foarbylden. De keazen boargemaster komt deroan. Yn it kylswetter dêrfan kin it neffens my net út bliuwe of op 'en doer wurdt de 'Commissaris van de Koningin' ek fan it folk keazen. Faaks kinne we dizze ieu al in eigen Goeverneur fan Fryslân kieze? Dizze ûntwikkelings moatte neffens my mank gean mei mear desintralisaasje fan 't bestjoer. En in provinsjaal bestjoer mei mear foech hâldt wer mear kânsen yn foar 't Frysk. En wurdt ek net lûdop tocht oer in bestjoersienhyd foar de hiele Noard-Nederlânske regio, Fryslân, Drinte en Grinslân meiïnoar? Frjemdernôch binne ûnder de Fryske bewegers party minsken tsjin sa'n nije bestjoersfoarm. My liket it ta dat it Frysk better ta syn rjocht komme kin yn in safolle lytsere bestjoersienhyd as Noard-Nederlân mei in protte, eigen foech. Yn 'e mande mei it Drints en it Grunnings soe 't Frysk in folle sterkere posysje krije kinne as ea yn 'e sintralistyske ienhydssteat. It kriterium foar bestjoersfernijing moat wêze, desintralisaasje yn de steat en sprieding fan de bestjoersmacht. Want dan kin de Fryske identiteit it bêst bewarre bliuwe. Men moat jin net blyn stoarje op de 'rjochten' foar it Frysk dy't oan no ta yn Den Haach behelle binne. Der moat ommers altyd mar ôfwachte wurde, oft dy rjochten dêr wol yn goede hannen bliuwe. Better is 't it foech oer eigen taal yn eigen hannen te krijen en soks kin mei mear kâns yn in lytsere bestjoersienhyd as de Noard-Nederlânske.

En dan is Europa der noch. De hieltyd grutter wurdende betsjutting fan de Europese Uny hat syn wjerslach op de nasjonale steaten, dy't fan 'e weromstuit minder macht oerhâlde, wylst oan de oare kant de status en de posysje fan de regionale ienheden sterker wurde. Sjoch bygelyks de opkomst fan Skotlân en 't Baskenlân.

Der binne lykwols ek bewegings de oare kant út. Sa wurdt yn Fryslân om de safolle tiid wer roppen om in nije, gemeentlike weryndiing. De gemeenten moatte neffens de foarstanners grutter, want, is 't argumint, dy krije yn 't ramt fan nije wetten en regeljouwing hieltyd mear te dwaan. It neidiel fan sok stribjen is dúdlik. De ôfstân tusken bestjoerders en boargers sil wer grutter wurde en soks is in minne saak foar de demokrasy. Om dy gruttere

gemeenten bestjoere te kinnen, moatte der fansels ek mear professjonele bestjoerders komme. Dy sille, om't de ôfstân tusken it folk en de bestjoerders navenant grutter wurdt, minder of gjin binning hawwe mei de ynwenners. Noch ôfsjoen fan it feit dat sokke bestjoerders djoer betelle wurde moatte, want der moat omers konkurrearre wurde mei it bedriuwslibben dêr't faak tonnen, om net te sizzen miljoenen betelle wurdt oan topdogs. It is te hoopjen dat sa'n bestjoerlik misgewaaks noch op 'e tiid opkeard wurde kin, want it is tige skealik foar de demokrasy en tige skealik foar de Fryske identiteit. Om de eigen identiteit yn stân hâlde te kinnen hat men lytse bestjoerienheden nedich.

Inselde ferskynsel docht him foar by de skoallen. De skaal-fergrutting fan de lêste jierren hat makke dat de Fryske identiteit yn dy gruttere skoallen ferlern gong is.

De oplossing foar it banniger wurk dat op de gemeenten takomt, is fansels dat de provinsje de taken oernimt dy't de lytse gemeenten net oan kinne. As regionale oerhyd kin de provinsje it bestjoerswurk tusken de gemeenten ek better koördinearje.

It hear oersjend soe men dochs sizze kinne dat, yn 't ramt fan de hjoeddeiske, politike konstellaasje, der foar it Frysk kânsen genôch lizze. En dat wy dy kansen net gripe, komt om't de Friezen sleau en net kearelseftich genôch binne, sa wurdt faak tocht en sein. Minsken dy't sa tinke en soks is benammen tige hiem by de yntellektuele elite, stopje lykwols de holle yn 't sân. Yndie, op papier soe it Frysk der tige goed foar stean moatte, ... as der mar gjin oare ûntwikkelings geande wiene.

'It Frysk sil bliuwe',

sei Ate, 'as oaren it mar skriuwe en prate.' Mei likernôch dit siske wûn H.J. Weijer ferline jier de sei-siswizenpriisfraach fan de Afûk. 'As oaren it mar prate en skriuwe'. En dêr sit him no krekt de oast. Oaren prate hoe langer hoe minder Frysk, lit stean skriuwe. Wa binne dy Friezen dy't soks hoe langer hoe minder dogge? Om dêr wat oer sizze te kinnen, soe 'k de Fryskpraters yn ús Westerlauwersk Fryslân ferdiele wolle yn in tal skiften en dan yn koart bestek neigean hoe't it Frysk der yn dy ûnderskate skiften foarstiet. Meardere skiftings binne mooglik fansels. Bygelyks nei âldens-groepen, gender of religy. My like de sosjaal-ekonomyske stratifikaasje in earste, gaadlike ferdieling ta. Op it gefaar ôf sosjologysk mis te taasten, mar ik bin gjin sosjoloog, dus dat mei hinnebrûie. It soe nijsgjirrich wêze it jier 1916, it jier dat Douwe Kalma syn ferneamde rede huld oer Fryslân en de wrâld, as útgangspunt, as itichmerk te nimmen. Fryslân bestie doe foar it grutste part út Fryskpratend plattelân. De net-Frysktalige stêden wiene doe noch mar lyts. Hoe is 't mei 't Frysk by de Friezen sûnt likernôch dy tiid fergong?

1) It 'legere' folk.

Fanâlds de minsken dy't amper of faak net iens de legere skoalle ôfrûn hiene, lykas de (boere-)arbeiders, de lytse boeren, de lytse hannelslju en negoasjerinners. Yn harren bestean hienen se oer 't generaal net folle kontakten mei oarstaligen. Hja krigen faak in protte bern en soargen sa foar in stadige stream fan Fryskpraters troch de tiid hinne.

2) De 'legere' middenstân.

It folk dat sosjaal al wat mear hie om by te setten en faak ek wat mear leard as allinnich de legere skoalle. In part fan de lytsere en wat gruttere boeren falt dêrûnder, mar benammen de faklju en de lytse middenstanners. As doarpsbewenners en Fryskpraters foarmen hja fanâlds de sosjale kern fan de Fryske (doarps-)mienskip. Oarstaligen sieten der net folle tusken.

3) De 'hegere' middenstân.

Minsken mei in hegere (fak-)oplieding en in sterkere ekonomyske posysje falle hjir ûnder, bygelyks eigners fan grûn en hûzen, grutte boeren, grutte middenstanners, skoalmasters, leararen en oar middenkader. Dizze middengroepen sille winliken mear yn oanrekking komme mei Hollânskpraters. Hja sille foar in part (yn 'e doarpen) of hielendal (yn 'e stêden) ek al Hollânskpraters wêze of fanwege de sosjale druk mar al te gau ree wêze nei 't Hollânsk út te skaaie.

4) De elite.

Tradisjoneel binne dat de dokter, de doomny en de notaris, mar de bankdirekteur, de direkteur fan de pleatslike (molke-)fabryk, de direkteur yn 't (ferfolch-)ûnderwiis soe 'k dêr ek ûnder beflappe wolle. Lyksa hearre sjoernalisten, skriuwers en wittenskippers as de geastlike en kulturele elite dêr ek by. Faak foar it grutste part net-Frysktalich is dizze elite sosjaal en ekonomysk ek net bûn oan in beskate omjouwing (bygelyks it doarp). As 'opportunisten' sille se har dêr te wenjen sette dêr't it har it bêste noasket. Fan dizze elite giet, foar sa fier net-Frysktalich in negatyf-sosjale druk út op 't Frysk.

5) De reginten.

Dat binne de beropsbestjoerders: boargemasters, wethâlders, deputearren, de lieder fan politike partijen, direkteuren fan boppe-regionale bedriuwen en ynstellings, lieder fan fak-organisaasjes, de opiny-makkers lykas de bazen fan kranten, radio en tillevyzje. Foar in part binne dizze reginten wol Frysktalich. Mar as net-Frysktaligen hawwe se in grutte, negative ynfloed op 't Frysk, fanwege de sosjale foarbyldfunksje dy't se ferfolje. It binne benammen dizze reginten dêr't de Fryske organen ornaris mei oerlizze as it oer de posysje fan it Frysk giet.

Hoe stiet it Frysk der yn de lêste jierren yn de ûnderskate skiften foar? De sosjale posysje fan de earste, beide skiften is yn 'e rin fan de jierren, gâns feroare. Boere-arbeiders binne der amper mear. De boerestân fersillet hurd. It folk wurket langer bûten it doarp yn in oer 't generaal net-Fryske omjouwing. De bern geane nei 't ferfolchûnderwiis dat net-Frysktalich is. De middenstân fynt gjin bestean mear yn 't doarp en wurdt wei. It doarp ûtfrysket, ek troch de ymport fan oarstaligen. Bygelyks fan 'flechtingen' út 'e Rânestêd, op 'e rin foar de allochtoane binden dy't de grutte stêden dêre ûnfeilich meitsje.

Yn syn boek 'Hoe God uit Jorwerd verdween', jout Geert Mak aardich wer, hoe't it proses fan sosjale en ekonomyske omkearing yn in Frysk doarp yn syn wurken gong is. Fansels, it is net allinnich mar pine en pogge. De wite skimmel om guon doarpen hinne lit sjen dat genôch minsken yn in doarp in bestean opbouwe wolle, bygelyks yn 'e ict-sfear. Mar oft sa'n ynfluks altyd like geunstich foar in doarp is, mei betwifele wurde. Fan in lyts klaaidoarp, fier fan 'e 'bewenne wrâld' ôf, is my bekend dat dêre alderhanne, frjemd en faak op koarte termyn libjend folk op ôf komt. Sa ûntstiet dêr in nij soarte fan middenstân, lykas keunstners, wrâld-frjemde alternativelingen, bygelyks in paragnost. De lêste oanwinst wie in 'heks'.

De konklúzje moat wêze dat de 'legere' stannen, eartiids de kearn en de bulk fan it Fryskpratende folk, ûntfryskje. Hoe kin soks? De wittenskip hat ek oer dat fenomeen gear west. Sosjologen bygelyks hawwe útfûn dat de sosjale wjerstân fan de 'legere' stannen tsjin druk fan 'e 'hegere' stannen relatyf lyts is. Minsken mei in lege, sosjale status sille har tsjinoer oarstaligen mei in hegere status (Hollânsktaligen) maklik ferbrekke. Itselde jildt foar froulju en adolesinten. De reden is dat dy groepen relatyf ûnwis yn 't libben steane en dan rolmodellen sykje op in heger sosjaal nivo as har eigen. En in heger sosjaal nivo yn Fryslân is fansels algau Hollânsktalich.

In prachtich foarbyld dêrfan binne de geheime stjoerders. Rûnom yn 'e lytse plakjes fan 't Noarden en dus ek yn Fryslân komme dy foar, út de 'heffe des folks' om samar te sizzen. Mar, nettsjinsteande de Frysktalige omjouwing en de meast Frysktalige harkers, brûke se it Hollânsk as fiertaal. Want dat jout harren status en legitimeit. Itselde ferskynsel docht him foar yn 'e pop-kultuer. Dêr sille de pop-produsinten en -konsuminten hast automatysk it Ingelsk foar kar nimme, om deselde reden: status en prestiiizje.

Aksjes foar it Frysk sille dêrom by dy folksgroepen mar in bytsje respons krije. Hja witte ommers hoe't de hazzen rinne. Wêrom soene se har drok meitsje om 't Frysk dat mar in lege, sosjale status en in bytsje prestiiizje hat. Om dyselde reden ropt 't Frysk wjerstân op, as it yn 'e tsjerken brûkt en op skoallen ynfierd wurdt. It Ingelsk dêrtsjinoer hat in hege status en kin sadwaande mei in klap en in skeet op 'e skoallen ynfierd wurde. It argumint is net it ekonomyske belang, sa't mar al te faak sein wurdt, mar it hat folle mear

te krijen mei de psychology fan de minsken. Fryske bewegers dy't de striid oangean wolle foar it behâld fan 't Frysk sille mei dat ferskynsel rekken hâlde moatte.

De boppeste trimen fan de Fryske maatskippij binne fan âlds net-Frysktalich en mar al te faak anty-Frysk. Te tinken falt oan de media, de reginten, de skoallen, de tsjerken. Bolwurken fan 't Hollânsk en bolwurken fan anty-Fryskens yn Fryslân. Mar troch de mobiliteit tusken de sosjale groepen yn ús tiid, is der dochs in trochstream fan Fryskpratens en -skriuwers nei de hegere esjelons ta stân kaam. En mei help fan dy groepen hat it Frysk yn 't offisjele ferkear gâns mear hannen en fuotten krigen; op skoallen, yn 't offisium, yn 'e media, ensfh. Mar is it Frysk dêrmei rêden? My tinkt fan net. Wat wy winne oan 'e boppe-ein fan 'e maatskippij, ferlieze we, sa't we earder sjoen hawwe, like hurd sa net hurder oan 'e ûnderein. Sa hurd dat de Fryskpratenden stadichoan in minderheid foarmje yn eigen lân.

In oare skifting is dy fan tsjerkliken en net-tsjerkliken. Wat it Frysk oanbelanget hat der altyd in kleau west tusken de tsjerkliken en de net-tsjerkliken. Frysksinigens wie it meast hiem ûnder de net-tsjerkliken, wylst de tsjerkliken it Frysk safolle mooglik mijden en út 'e tsjerken banne woene. Letter is dat wol wat feroare en hawwe ek tsjerkliken har mear en mear ynset foar it Frysk. Tink oan de earste, folsleine Bibeloversetting fan Wumkes en Folkertsma yn 1943. Mar de wjeraksel tsjin 't Frysk yn 'e tsjerken oerhearsket.

'It Frysk jaget de minsken de tsjerke út', stie lêsten boppe in artikel yn 'e Ljouwerter krante.

It Frysk sil nei myn betinken yn 'e hjoeddeiske tsjerken dan ek altyd op in marginaal plak hingjen bliuwe as der net in selsstannige, folslein Frysktalige tsjerke komt.

Ien fan de skaaimerken fan it ferskil tusken manlju en froulju is dat manlju mear sosjale wjerstân hawwe tsjinoer ynfloeden dy't fan bûtenôf op harren takomme. Dus ek mear wjerstân tsjinoer oarstaligen. Froulju sille har gauwer ferbrekke. Lyksa wat it behâldt fan de taal oanbelanget. Froulju sille it Frysk makliker farre litte as manlju. Men kin soks mar al te goed fernimme oan de nammen. Meastal betinke de memmen de nammen foar harren bern en as men de skûtelbankjes yn 'e kranten lêst, falt op dat it tal Fryske nammen dat oan 'e Fryske poppen jûn wurdt, hurd ôfnimt. Benammen de Fryske famkesnammen wurde wei. De Gepkes, de Jikkens, de Jankes, de Tsjitskes wurde langer ynruile foar de Liannes, de Yvones, de Annettes. Mar ek de Fryske jongesnammen steane faai. Wêre binne de Geales, de Goaitzens, de Wopkes keart?

Bern leare de taal it earst fan harren mem. En sa woar en wurdt it Frysk ek fan de iene generaasje oan de folgjende trochjûn. Ieuwenlang koe sa 't Frysk

behâlden bliuwe yn 'e Frysktalige fermiddens. Soks lykwols is no lang net mear fanselssprekkend en dat is ien fan de wichtichste redenen wêrom't it Frysk fersille rekket. Krektoarsom, der binne party Friezen dy't harren bern langer yn 't Hollânsk grutbringe, mei as útwynsel dat se dan mear kânsen hawwe yn 'e maatskippij.

Soks hat noch mear kâns fansels no't men rûnom heart dat Frysktalige bern yn dit Nederlân hieltyd mear as efterstânsbern sjoen wurde. Nei analogy fan de allochtoane bern. En dat it Frysk dêr de skuld fan kriget. Hjir rint it allochtoanen-frachstik gear mei it ientaal-prinsipe fan de Nederlânske ienhydssteat, op kosten fan it Frysk en de oare autochtoane, minderhydstalen.

De jongerein kriget langer de taal mar behiplik trochjûn fan harren âlden. Safolste mear sille se de taal bûten eigen fermiddens te learen krije. Mear fan harren gelikens (peer-groups) en dy binne fansels lang net altyd Frysktalich. Boppedat krije se fan de media rolmodellen oanbean dy't ek bûten de eigentalige rûnten lizze. Fangefolgen in ferfrjemding fan de eigen taal. Sokke jongerein wer werom te winnen foar it Frysk sil ien fan de drege putten wurde foar de Fryske bewegers. Hoe soks oan te pakken? Foar't ik dêroer taset gean, earst noch in oar ferhaaltsje.

Oer pro en anty, oer diskriminaasje en ferset

De hâlding tsjinoer 't Frysk rint nochal útien. Fan sterk anty-Frysk oant poer pro-Frysk. In pear kearnbegripen fan dat spektrum soe 'k hjir beneame wolle. Lykas rûnom steane de measte minsken ek yn Fryslân neutraal of sels ûnferskillich foar in taal oer. Salang't der foar harren gjin needsaak bestiet om har mei eigen- of oarmanstaal dwaande te hâlden, sille se der troch de dei net by stil stean. In taal is in gebrûksfoarwerp dat men nedich hat foar de kommunikaasje mei oare minsken. Hokfoar taal men dêrfoar brûkt is eins net fan belang. De eigen taal hat men fan thús meikrigen en is yn 'e grûn fan de saak net mear as in sentimint út 'e bernetiid. Frysktaligen ûnder harren drage ek noch it odium mei fan praters fan in minderhydstaal. Konfrontearre mei in dominante taal sille dizze minsken har dan ek maklik ferbrekke. As der gjin hurde needsaak foar is, sille de 'neutralen' gjin striders foar it Frysk útmeitsje. It tekoart yn de ûnferskillige hâlding foar jins eigen taal oer is fansels, dat in taal mear is as allinnich in kommunikaasje-middel of allinnich mar in systeem fan wurden en grammatikale regels. Taal jout in deminsje oan 'e geast om jins alderdjipste emoasjes en jins alderyndividueelste gedachten útdrukke te kinnen. Mar om soks te kinnen moat men 'yn in taal libje' en men libbet it bêst yn jins eigen memmetaal.

Al minder neutraal foar in taal oer soe 'k de oanhingers fan de 'natuerlike ûntjouwing' neame wolle. Minsken mei dy opfetting miene dat in taal syn eigen, spontane gong giet. De idee is dat in taal in proses ûndergiet fan opgong en bloei, mar ek fan delgong en ûndergong. Dus ek 't Frysk. It Frysk rekket langer syn oanhing kwyt en dus sil it op 'en doer weiwurde, is de redenearring. It is in natuerlik proses, faaks spitich, mar in 'Werdegang' dêr't net folle oan feroare wurde kin. Sa giet it no ien kear yn 'e wrâld. Talen komme op en reitsje wer fersille. De oanhingers fan dizze teory binne dan ek fan betinken dat foaral gjin aksjes ûndernaam wurde moatte, lykas subdydzjes en oare 'foarrjochten', om it Frysk keunstmjittich yn stân te hâlden.

It tekoart yn dizze redenaasje is, dat de op- en ûndergong fan in taal mar al te faak it gefolch is fan machtspolityk en de dêrmei gearhingjende politike masinaasjes en dêr sit fansels neat 'natuerliks' oan. In foarbyld dêrfan is bygelyks it Nederdútsk. Yn 'e midsieuwen makke it Nederdútsk as taal fan de Hanze in grutte bloei mei. It Nederdútsk lykwols rekke ûnder fuotten doe't de Hanze yn 'e nederklits rekke. De opkommende Dútske steaten namen de macht oer en mei har de kânselarei-taal, it Heechdútsk. Lyksa fergong it it Oksitaansk, in taal dy't yn in grut part fan Súd-Franryk praat waard en noch wurdt. Nei de ferovering fan dat gebiet troch de Frânske keningen krige it Frânsk dêre de oerhân en woar it Oksitaansk tebekkrongen. Yn Fryslân is 't net oars. De foarrjochten fan it Hollânsk yn de media, yn 't bestjoer, yn 'e skoallen, yn 'e tsjerken soargje derfoar dat it Frysk yn 'e ûnderwâl rekket. It Grinslânsk, it Drintsk en al dy oare 'autochtoane' minderhydstalen sitte fansels yn itselde ferdomboekje.

Rjochtstreekse anty-Friezen binne yn en bûten Fryslân ek by 't soad te finen, al sille se getalsmjittich in minderhyd foarmje. Benammen as sokke minsken konfrontearre wurde mei it Frysk stekke se de stikels op. Men fynt se by de 'een volk, een taal'-oanhingers, by it HEMA-folkje, it folkje fan de Hollandse Eenheidsworst Maatschappij Amsterdam. Mar ek de hoeders fan it 'Hollands (protestants-)christelijk erfdeel' stelle har trochstrings anty-Frysk op. Benammen yn 'e ortodokse hoeke fan de tsjerken fynt men dy mei har ferset tsjin 't Frysk op 'e kânsel.

Net oeral oan 'e behâldende kant fan de tsjerken is der anty-Fryskens. Pastoar Van der Wal yn Boalsert, eartiids yn Wâldsein is in pastoar fan de âlde stimpel, mar ek ien dy't tige begien is mei 't Frysk. Oft er ek yn 't Frysk preket is my lykwols net bekend.

De anty-Fryskens docht benammen bliken út it ferset tsjin it Frysk op skoalle, tsjin offisjele Fryske plaknammen, tsjin it Frysk yn 't offisium, yn 'e media, ensfh.

Dat it Frysk yn 'e media sa min fertsjintwurdige is, seit wat oer 't ferset dêr'tjin. Soks yn tsjinstelling ta in bulte oare lannen dêr't minderhydstalen faak

en al langere tiid wol in deiblêd en in radio- en tillevyzjestasjon yn eigen taal ta har foldwaan hawwe.

Wat dogge Friezen trochstrings, as se konfrontearre mei de diskriminaasje fan harren taal. De measten sille har ferbrekke as se Hollânskpraters tsjinkomme om sa in negative reaksje út 'e wei te gean. Oaren sille 'ûnderdûke' en op foarhân, bûten eigen hús en hiem harren Frysk farre litte. In minderhyd sil de kop derfoar hâlde en Frysk prate wê't soks gaadlik is en it útkomt sûnder konflikten te jaan. 'Die-hards' yn 'e Fryske striid geane fansels ek konflikten net út 'e wei.

In 'elite' (binne dat de Fryske skriuwers?) sil har boppe in feil begryp as diskriminaasje ferheven fiele en krekt dwaan as bestiet it net. Yn 'e hege sfearen fan keunst en kultuer is ommers gjin plak foar diskriminaasje. En sa 't in oar der al mei te dwaan kriget, sil it wol oan de man/frou sels lizze.

Oan de oare kant fan it spektrum kin men inselde ferdieling fine fan pro-Fryskens. Fan 'tuike-tuike' oant 'Frysk blinder'.

De 'tuike-tuike'-oanhingers, de 'gematigden' wolle it Frysk ek foarút helpe, mar dan kalmoan, net te hurd en net te bot. De oanhingers fan 'Frysk blinder' wolle neffens harren faak yn ien kear tefolle, mar wurde dan algau as 'drammers' sjoen. En dan sette de tsjinstanners, Friezen en net-Friezen de stikels op. Fangefolgen dat men krekt de helte minder berikt foar it Frysk. Mei lytse stapkes komt men faak fierder as dermei de skerpe bile yn opfleane en ynhuffe, is de idee fan de 'tuike-tuike'-oanhingers.

De propagandisten foar de twataligens fynt men ek yn dat skift pro-Friezen. Twataligens is ommers de besteande situaasje yn Fryslân hjoeddedei. Fryslân is multikultureel, om in modern begryp te brûken. It prinsipe fan de twataligens hâldt yn dat it Hollânsk en it Frysk deselde rjochten hat. En mei help fan dy rjochten moat it Frysk in lykweardich plak yn 't iepenbier ferkear ynnimme kinne.

Op guon skoallen wurdt sels praat oer trijetalich ûnderwiis, neist it Hollânsk en it Frysk soene ek lessen yn 't Ingelsk jûn wurde moatte. Yn 't ferfolchûnderwiis wurdt ek wakker skermesearre mei twatalich ûnderwiis, mar oft it Frysk dêr ek noch by heart?

Dizze teory hat lykwols in tekoart. Twataligens, hat de skiednis útwiisd, is net in bliuwende situaasje. It is in oergongs-proses fan de submissive taal nei de dominante taal. Twataligens betsjut dat op 'en doer de ûnderlizzende taal, yn ús gefal dus it Frysk fersille rekket. In foarbyld fan sa'n proses fine we yn Grinslân. Fanâlds Frysk-pratend kaam Grinslân (de Ommelanden) yn 'e rin fan de jierren stadichoan ûnder de kwint fan de opkommende, Saksyske stêd Grins. Grif hat der in skoftlang twataligens bestien yn Grinslân, mar nei ferrin fan tiid is 't Frysk dêre fierhinne wei wurden.

It probleem mei de 'gematigden' is dat we net mei lytse stapkes foarút geane mei 't Frysk, lykas hja tinke, mar krektoarsom mei lytse stapkes of sels mei grutte stappen efterútboorkje. De konklúzje is dan ek dat mei dizze wize fan 'tuike-oan' it Frysk net te rêden is.

De hâlding/ strategy fan 'tuike, tuike' hat oars al in lange tradysje yn 'e Fryske striid. En lyksa de tsjinstelling tusken dizze gematigden en de mear radikalen. Tink marris oan it skeel tusken Piter Jelles Troelstra en Lútzen Wagenaar yn 'e 19e ieu.

De radikalen, de Stânfriezen, Frysk nasjonalen of hoe't men de mear hurde striders foar 't Frysk ek neame wol, hellen en helje almeast harren ynspiraasje út Fryslân's ferline. Fan it 'Frisia Magna' oant de magyske boarne fan it 'Oera Linda Bok'. Hja beroppe har op 'e grutte dieden fan de âlde Friezen foar wa't frijdom de heechste wet wie. De Fryske Frijdom dy't sa sneu ferlern gong is. En de al ieuwen oanhâldende striid, dy't ek harren striid wurden is, om wer wat fan de Fryske frijdom werom te krijen. Of hja beroppe har deagewoan op it feit dat se as Friezen rjocht hawwe op harren eigen, Fryske identiteit en op it minskne-rjocht om rûnom yn Fryslân it Frysk te brûken.

De tjinstelling tusken 'gematigden' en 'radikalen' hinget faak gear mei de fasen yn 't emansipaasje-proses fan in minderhydstaal en dus ek mei dy fan 't Frysk. Bewuste Friezen en de taalstriders fan de earste oere hawwe in probleem hân. It folk wie al ieuwenlang drok oan 't Frysk-praten. Wêrom, sa soene se har ôffreegje kind hawwe, wie der dan net sokssawat as in rike, Fryske literatuer? Sleauwens en sels-weismiten mwast wol de reden wêze wêrom't der salang gjin yntellektuele foarmen fan taalgebrûk yn 't Frysk wiene. Striid foar 't Frysk wie sadwaande yn 't earst in striid fan literêre emansipaasje. Grif mei de idee, as it Frysk yn wurd en geskrift mar op in heger plan brocht waard, soe dat de Friezen op oar mêd ek wakker meitsje út harren sliep fan ûnkunde en ûnferskilligens (Douwe Kalma). Dat dy redenaasje net alhiel strykt mei de wurklikheid waard troch de taalmanen yn 't earstoan mar amper sjoen. De klam lei op de emansipaasje fan de taal en net bygelyks op de politike emansipaasje fan folk en lân.

Dat emansipaasje-proses kin men in tal fasen yn ûnderskiede:

1) Nei de teloargong fan de selstannigens fan Fryslân is út dy tiid op skrift fan 't Frysk net folle oerlevere. Wat bewarre bleaun is, binne wat 'boertige' kluchten, boartlike (toaniel-)stikjes, rymkes en in stikmennich brulloftslieten. De (minderhyds-)taal waard yn dy tiid sa't skynt net geskikt achte om 'hegere' en 'djippere' uteringen fan minsklik fielen yn út te drukken. It is it tiidrek dat der net folle striid bestie foar de eigen taal.

2) Der kaam dochs wer in tiid dat der 'echte' dichters opstiene (Gysbert Japiks). Guon skriuwers setten har oan it oersetten fan psalmen en (stikken út) 'e bibel. Soks wurdt faak sjoen as it begjin fan in skreaune taal. Tink oan

'e betsjutting fan de bibeloersetting fan Luther foar it Heechdútsk en de 'Dordtsche Bijbel' foar it Hollânsk.

3) De proaze-skriuwerij sette útein. Benammen de folksaardige literatuer kaam ta bloei (de Halbertsma's). It foardragen en it (amateur)-toanielspyljen yn eigen taal kaam op (Winterjûnenocht). Sadwaande waard ek de skreaune taal mear ferspraad ûnder beskate rûnten fan it folk.

4) De 'echte' literatuer kriget de skonken ûnder it gat (Jong Fryske Mienskip). De eigen taal kin langer op alle mêden fan it libben brûkt wurde. Parallel dêroan komme der aksjes om de taal maatskiplik oansjen te jaan (nei de earste Wrâldkriich) troch de oprjochting fan organisaasjes om de taal te ûnderjochtsjen en te bestudearjen (Afûk, Fryske Akademy).

5) Yn de lêste fase fan de striid komt de klam mear te lizzen op de politike emansipaasje fan de taal (nei de twadde wrâldoarloch). Bygelyks, aksjes foar it Frysk as fiertaal yn riedssealen en Prov. Steaten en foar 't gerjocht (Kneppelfreed), yn skoallen en yn tsjerken. Aksjes foar Frysktalige (plak)-nammen (geveltsje-Frysk). Oprjochting fan de Frysk Nasjonale Partij (FNP).

Yn 'e rin fan it proses docht bliken dat de klam ferskood fan allinnich in taalstriid nei in mear politike striid. Opfallend is ek dat de striders yn in foarôfgeande fase lang net altyd de folgjende fase meimeitsje kinne of wolle. Benammen de oergang fan 'e taalstriid nei de politike striid ropt in protte wjerstân op. Sa moast bygelyks Rink van der Velde, ferneamd, Frysk skriuwer, neat hawwe fan offisjele Frysktalige plaknammen. En wie Fêde Schurer, in like ferneamd Frysk strider poer tsjin it oprjochtsjen fan de FNP.

Yn in oare minderhydstaal docht him itselde ferskynsel foar. Anne van der Meiden, in ferneamd pleiter foar it Tukkersk, dy't ek yn syn taal preket en dwaande is mei in bibeloersetting yn dy taal, wol ek neat witte fan 't offisjeel fêstlizzen plaknammen yn 't Tukkersk.

Dochs kinne we sizze dat wy it oan de radikalen, de trochbiters, de Stânfriezen te tankjen hawwe dat it Frysk sa op 'e kluten kaam is. Ynstellings as de Afûk en de Fryske Akademy, foar de oarloch en Frysktalige radio en tillevizje nei de oarloch, wiene der sûnder de fûleinige ynset fan radikale bewegens grif net kaam. In Frysktalich deiblêd is it him oant no ta net wurden. Al hat Frysk en Frij him in tal jierren as wykblêd openearjen kinnen.

Dochs moatte we skondernôch konkludearje, sa 't we boppe sjoen hawwe, ek dizze bewegens kinne it Frysk net fan de delgong behoedzje. Hoe dan wol?

De wrâld en Fryslân.

De bidders yn 'e Fryske striid hawwe har ward en ús taal wer in plak ûnder de sinne jûn. De posysje foar it Frysk is, sa't we sjoen hawwe benammen

befochten yn 'e 'hegere regioanen' fan 'e maatskippij. En net sûnder reden fansels, want dêr wie it ferset tsjin it Frysk it fûlst.

Men moat jin lykwols ôffreegje, oft dy stipe foar it Frysk yn de 'hegere regioanen' hjoeddedei al net wer oan 't ôfnimmen is. De grutskalige yndustry, de mammoetskoallen, de nije media en de bybehearrende kultuer binne net-Frysktalich en soargje dat der in nije, Hollânsktalige laach oer ús hinne komt dy't, as we net oppasse it Frysk wer deaknypt.

De Fryske beweging hat in ferskaat oan Fryske ynstituten opsmiten; de Afûk, de Fryske Akademy, Omrop Fryslân en grif binne der noch mear fan sokke ynstellings.

Dy ynstitusjonalisearring is oars foar in minderhyd net sûnder gefaar. In 'minderhyd' as de froulju bygelyks hiene ek in emansipaasjebeweging opgong brocht. Dat is úteinlik útrûn yn 'e Emansipaasjerie. In ynstitút dat no allang wer weibesunige is. Ynstitusjonalisearring is mar al te faak de deaskop foar in folksbeweging.

De fersterking fan 't Frysk mei ynstituten hat net opkeare kinnen dat wy 'ûnderoan' hoe langer hoe mear fan 't Frysk en de Fryske identiteit kwytrettsje. As it hjoed noch net goed giet, nettsjinsteande alle krewearjen, hoe soe it dan oars moatte? Om dêr in antwurd op te finen soene we ris sjen moatte, hoe't minderheden yn oare lannen harren striid foar folk, lân en taal oanpakke. Bygelyks de Basken, de Ieren yn Ulster en de Flamingen.

Yn Baskenlân fjochtsje de oanhingers fan Hari Battasuna foar de rjochten fan taal en lân fan de Basken. Yn Ulster striidt Sein Fein foar de lykberjochting fan de Ieren mei de Ingelsken. En yn Flaanderen kinne we hertsearich nei de Flaamske beweging sjen dy't de emansipaasje fan de Flamingen al realisearre hat. Wat yn dy lannen opfalt is dat de bewegings yn harren emansipaasjestrïid twa dingen mien hawwe. It binne massaorganisaasjes, bedoeld om politike macht te krijen en se hawwe media ta har foldwaan dêr't se harren propaganda mei ûnder it folk bringe kinne. Mei dizze middels fersette se har tsjin de oerhearskjende politike, ekonomyske of kulturele oermacht fan in oar(-stalich) folk.

De wapene tûken fan de ûnderskate bewegings lit ik bûten beskôging. It giet my hjirre om de politike aksjes en net om de geweld-aksjes dy't dêr mooglik efterwei kaam binne.

As it om de polityk striid giet, nimme de 'fersetsbewegings' de kleur oan fan it ferset. Yn Baskenlân krige ûnder Franco bygelyks Hari Battasuna neist de taalideology in 'linkse' ideology. Yn Flaanderen is de Volksunie neffens har tsjinstanners yn 'rjochts' farwetter telâne kaam. Mar hokker politike kleur ek, al dy fersetsbewegings binne, as se sukses hawwe, bewegings mei in brede oanhing ûnder it folk. It hawwen fan in grassroot-organisaasje is fan belang om grutte skiften fan it folk mobilisearje te kinnen foar de eigen saak. En

krekt dêre ûntbrekt it by uzes oan. Wy hawwe gjin massabeweging en ek gjin media dy't fûleinich foar 't Frysk opkomme. Omrop Fryslân bygelyks is altyd drok dwaande har sjoernalistyk te profilearjen, mar it Frysk liket dêre mar bysaak te wêzen.

De politike situaasje yn 't Fryslân fan hjoeddedei is, moat ik tajaan foar in Fryksinnige grassroot-organisaasje net geunstich. Yn Fryslân hat in kongsy fan partijen, CDA-PVDA-VVD, alle politike macht yn hannen. Net allinnich yn 'e provinsje, mar ek yn 'e measte gemeenten. Hoe't de ferkiezingsútslaggen ek útfalle en hoe't de ferhâldings ûnderinoar getalsmjittich ek (in bytsje) ferkowe, dy klup bliuwt, oant no ta alteast, altyd oan 'e macht.

Der binne guon dy neame soks demokrasy. In karismatysk figuer as Pim Fortuin wie nedich om dy politike konfiguraasje op sintraal-lanlik nivo in skop ûnder de kont jaan te kinnen.

Yn kombinaasje mei de relatyf anti-Fryske deiblêden, de Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd foarmje se in hast ûnferwrigber polityk en media bastion dêr't alle feroarings op stomp rinne sille. Op dy kluppen te tidigjen soe nei myn betinken, op 'en doer de deastek foar it Frysk betsjutte.

Dêr komt noch by dat men de oerhearskjende politike ideolgy, wat de kultuer en taal oanbelanget hjoeddedei yn Fryslân as 'links-kultuerrelativisme' oantsjutte kin. Yn rûge halen hâldt dy ideolgy yn dat alle kulturele wearden relatyf binne. Net ien kultuer en taal mei neffens dy opfetting boppe de oare steld wurde. Op sintraal-lanlik nivo hat de Fortuin-revolûsje dy ideolgy al gâns ûnderstek dien, mar by uzes stiet nei myn taksaasje dat krekte, politike tinken noch rjocht oerein. Fangefolgen dat in Fryksinnich stribjen hjir algau it gefaar rint in 'rjochts' stimpel opdrukt te krijen, want diskriminearjend foar oarstaligen. En soks ferklearret mei, wêrom't de measte Fryksinnigen allinnich mar 'tuike oan' doarre en de Fryske skriuwers sa skou binne as it om 'e Fryske Beweging giet.

Dochs is der gjin ûntkommen oan. Wy hawwe in grassroot-organisaasje fanneden dy't brede skiften fan it folk mobilisearje kin foar de Fryske saak. Men kin de Fryske bewegers mei rjocht ferwite dat se dêr oan no ta te min oan dien hawwe. Faaks miene se ek dat soks yn Fryslân ûnmooglik is? In man as Pim Fortuin hat sjen litten, hoe't men minsken foar in saak mobilisearje kin. Mei in goede presintaasje en in oansprekkend program slagge hy deryn it folk in alternatyf te bieden foar in as ûnferwrigber achte establishment.

Dêrnêst moatte der Fryksinnige massamedia komme dy't de Fryske saak fûleinich bepleitsje. De Fryske bewegers kin men ferwite dat se de propagande ûnder it folk te folle ferwaarleazge hawwe en temin gebrûk makke hawwe fan de moderne massamedia. Om oan massamedia te kommen is ek lang net maklik fansels. Wy soene wol hast in media-tycoon as in

Murdoch of in Berlusconi ta ús foldwaan hawwe moatte om soks realisearje te kinnen. Mar in oare wei is der deagewoan net. En it is de striid wurdich, as we it Frysk behâlde wolle. It is ek in striid dy't nea ophâldt. Yn in minderhydsstuaasje hat de 'mearderhyd' no ien kear altyd oanstriid om mei hoazzen en klompen oer de minderhyd hinne te rinne, faak sûnder dat se der sels erch yn hawwe.

As lêste

Fryslân en de wrâld wie it biedwurd fan de Jong Fryske Mienskip. Mar de wrâld kaam ek nei Fryslân ta en hat Fryslân in protte rykdommen brocht, kultuer, wolfeart ensfh. Mar it hat it Frysk en de Fryske identiteit ek flink ûnderstek dien. Sa bot sels dat it Frysk as taal derûnder driget te strûpen. Soks sil Douwe Kalma nea tocht hawwe doe't er Fryslân nei de wrâld ta brocht. En grif ek nea wold hawwe.

Ik haw yn dit essay besocht de redenen fan de delgong fan 't Frysk oan te jaan en wêrom 't oan no ta it krewearjen om dy delgong te kearen mislearre is. Mei 'hege' literatuer en mei taalleskes allinnich is it Frysk net te rêden. Te folle tidigje op de rjochten en subsydzjes dy't we yn 'Den Haach' beskript hawwe is gjin gerânsje foar it fuortbestean fan it Frysk. Subsydzjes kinne likehurd yn lutsen wurde as se takend binne, wannear't de politike wyn in oare kant útwaaid.

De Friezen moatte it sels dwaan, sels soargje foar de omkearing fan de delgong. Suksesfolle útlânske minderheden kinne we fan leare, hoe't we soks yn Fryslân oanpakke moatte. Mei organisaasjes dy't brede skiften fan it folk omfiemje, moatte de minsken mobilisearre wurde en mei massamedia moat de boadskip ûnder it folk brocht wurde. Soks is net ienfâldich, benammen net as men wyt dat de Fryske striid yn 'e hjoeddeiske situaasje nea ophâlde sil. As minderhyd moat men no ien kear allegeduerigen foaroan en altyd mei it mes dwers yn 'e bek. Wy kinne lykwols noch altyd ynspiraasje ûntliene oan ús foarfaars en oan de jeften fan ús foarfaars jûn:

De Fryske taal

De Fryske namme

De Fryske sin

De Fryske grûn.

Ljouwert, 10 maart 2004